


Dorpscanon van Folsgeare

De Tsjardfeart, de tekst beskriuwt de situaasje om 1900 hinne



© Foto db folsgeare

De Tsjardfeart, de tekst beskriuwt de situaasje om 1900 hinne

De Tsjardfeart, dy' t ek wol Tsjarddyksterfeart neamd wurdt, begjint yn it Morrawieltsje krekt ûnder Fijfhûs en komt dan yn 't Hert út. 't Hert bestiet yn dy tiid út trije pleatsen en twa wenhûzen. De namme komt fan it hûs dêr't yn de muorre hertsjes mitsle wiene en dêr't je in slokje krije koene. Fan 't Hert ôf, rint de feart lâns de Tsjarddyk nei it sintrum fan Folsgeare. It wie net de meast handige wize om yn Folsgeare te kommen, want fan 't Hert ôf lei de feart fol mei setten* fan de boeren dy't harren lân yn it Marlân (oan'e oare kant) hiene. Oan de rûtelâns de Tsjarddyk stiene trijemûnen.

Earst kamen je lâns twa spinnekopmûnen en dêrneilâns in grutte achtkanter. De farwei wie benammen bedoeld foar de minsken yn 't Hert. Yn it sintrum fan Folsgeare slút de Tsjardfeart oan op de Folsgeaster opfeart, dêr't in brechje oer de feart wie. Oan'e ein fan de Folsgeasteropfeart waarden lâns de Tsjarddyk de skippen oanlein. Dy wie yn dy tiid noch stikken breder. It ûnderhâld waard dien troch it wetterskip 'de Skerwolder' en 'Moarrahimmen'.

Dorpscanon van Folsgeare

De Tsjaerdfear, de tekst beskriuwt de situaasje om 1900 hinne

De Tsjaerdfear hie nêst de funksje fan it ferfier oer wetter noch in oare rol fan betsjutting. Efter de hûzen oan'e Tsjaerddyk stie boppe de fear in sekreet (húske)..... De tsjerkfâlden fan Folsgeare stjoere yn 1903 in brief nei de gemeente Wymbritseradiel mei it fersyk it tontsjestelsel yn te fieren. Dit wurdt troch de gemeente yn 1904 honorearre en der wurdt in doarpsskjinmakker beneamd. De tsjerke soarget foar it ôffieren fan de tontsjes en kriget dêr jierliks in bedrach foar fan de gemeente Wymbritseradiel. It is net bekend wêr't de tontsjes krekt lege waarden.

Foar de froulju fan Folsgeare is it gâns in ferbettering, want it waskjen fan'e klean barde foar in grut part yn 'e fear. Der wie krapte oan skjin wetter, de reinbak waard gauris dield mei mearhúshâldingen. Foar it waskjen yn 'e fear hiene de wenningen in stalt** efterhûs, wenningen oan'e noardkant hiene rjocht fan paad om by it stalt oan'e fear te kommen.

Yn 1926 wurdt it wetterskip 'It Marlân' oprjochte. Dit wetterskip lit yn 1927 de mûne dy't skean foar Tsjaerddyk 21 oer stie, ferfange troch in elektrysk gemaal. It gemaal is ûntwurpentroch architekt A. Hoekstra út Snits en wurdt yn desimber fan dat jier yn gebrûk nommen. Koart dêr nei komt der ekelektrisiteit yn it doarp. De mûnen wurde ôfbrutsen en de gaslampeoanstekker moat in oar fak leare. As yn 1934 de doarpen Nijlân, Folsgeare en Ysbrechtum oanslettenwurde op de wetterlieding wurdt der noch wer minder gebrûk makke fan de Tsjaerdfear. It ferfier oer it wetter nimt boppe dat ôf troch de opkomst fan de frachtauto.

luwenlang wie it doarp folslein ôfhinklik fan'e Tsjaerdfear en yn mar 30 jier ferlear dy alle funksjes. It brechje oer de Tsjaerdfear is ûnderwilens in daamwurden.

* In set is in soarte fan brechje mei losse planken dy't fuorthelle wurde kinne troch de skipper (boer), sadat hy trochfarre kin** in stalt is inplatform oan (boppe) in fear / sleatsadat je by it wetter komme kinne, meast brûkt as speelplak.

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto: db Folsgeare

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt

Dorpscanon van Folsgeare

De Tsjardfeart, de tekst beskriuwt de situaasje om 1900 hinne

wêze, graach de redaksje ynformearje.